

Raerd, 1 novimber 2023

Giet oer : stipe mienskipsgebouwen fan dividend Wypark Fryslân út

Achte leden fan Provinciale Steaten,

Tank foar de mooglikheid om út namme fan Stichting Doarpswurk ynsprekke te kinnen yn dizze byldfoarmjende kommisjegearkomste.

Alhoewol't it gjin oanlieding is foar myn ynbring hjir hjoed, wol ik fan de gelegenheid gebrûk meitsje om it kolleezje te betankjen foar it feit dat ús Stichting eksplisyt yn it kolleezje akkoart neamd is en ús organisaasje foar de kommende jierren bestearswissichheid dêrtroch krigen hat. Nei jierren fan ûnrêst en ûnwissens jout dat in bytsje mear rêst. Wy hawwe as Doarpswurk dêrby wol grutte soargen oer de kontinuïteit fan ús Netwerk Duurzame Dorpen. Wy hawwe sawol it kolleezje as jo Steaten datoangeande in brief stjoerd op 26 septimber 2023 en hawwe ôfrûne moandei fan de belutsen deputearre fernaam dat it kolleezje net foarnimmens is om dizze finansiering te kontinearjen. Wy binne tige benijd nei it stânpunt fan jo Steaten datoangeande.

Op 11 jannewaris 2023 haw ik yn ditselde hûs ynsprutsen oer boargerpartisipaasje fanút Wypark Fryslân. It út te kearen dividend oer 2022 wie oanmerklik heger as dat begrutte wie en der is doedestiids troch jo Steaten besletten om in substansjeel bedrach (5 miljoen euro) ta beskikking te stellen oan maatskiplik fêstgoed-eigeners. Dit is yn de foarm fan in subsydzjeregeling útfierd, wêrby't de lêste runde him no yn in ôfrûnjende c.q. beoardieljende faze befynt. Jo hawwe dêrmei in soad sportferieningen, tsjerken, musea, doarpsuzen en oare maatskiplik fêstgoed-eigeners in wichtige stipe yn 'e rêch jûn. Ik doar hjir út namme fan harren wol út te sprekken: tige tank dêrfoar.

De regeling wie in grut sukses sjoen it feit dat der in protte oanfragen yntsjinne binne. Yn de lêste runde wie in bedrach fan ôfrûne 2,3 miljoen euro beskikber, oanfrege troch mear as 158 oanfregers in bedrach fan ôfrûne 4,5 miljoen euro. Spitigernôch sille dan ek in soad minsken teloarsteld wurde.

Yn 2023 haw ik foarsteld om te kommen ta in fûns dêr't maatskiplik fêstgoed-eigeners rinteleas út liene kinne om duorsumensynvestearringen mooglik te meitsjen. Sa 'n fûns bestiet al yn de provinsjes om ús hinne. Belangryk foardiel dêrfan is dat it in revolvearjend karakter hat en dêrtroch mearjierrich ynset wurde kin. Myn foarstel is om dit fûns de namme FEL te jaan (mei in F): de Fryske Enerzjyliening. Maatskiplik fêstgoed-eigeners dy't foldogge oan de kritearia dy't fanút dit hûs wei steld binne oan dielnimmers yn it KlimOp trajekt, kinne in berop dwaan op dit fûns.



Om sa 'n fûns op te rjochtsjen sil der in budzjet frijmakke wurde moatte. De entiteit hawwe jo feitlik al yn jo besit, it FSFE. Lykwols, dy sille dan wol út jo Steaten wei opdracht krije moatte om dit op oare betingsten yn te regeljen, as no regulier dien wurdt. Om dit 'kostendekkend' te meitsjen sil der sawol in budzjet hjirta frijmakke wurde moatte (wat foar safier't ik beoardielje kin oanwêzich is binnen it FSFE) en sille kosten dy't makke wurde moatte om sa 'n regeling útfiere te kinnen 'dutsen' wêze moatte.

Yn it bestjoersakkoart 'oparbeidzje foar Fryslân' is oanjûn dat ekstra ynkkomsten út Wynpark Fryslân wei tafoege wurde oan de frij oanwendbere reserve. Myn útstel oan jo Steaten is om – yn ôfwiking fan it kolleezjeakkoart – in part fan it dividint út it Wynpark wei dêrta te brûken. De oarspronklike yntinsje en de betingst dy't út jo Steaten wei steld binne foar it dielnimmen wiene dúdlik: fan en foar Fryslân. Wêrby't de ferdieling fan it dividint troch jo Steaten fêststeld is op: 1/3 rendemint op eigen fermogen, 1/3 Iselmarkust en 1/3 foar it stimulearjen fan ferduorsuming. Dêrom liket dat foarstel my passend mei itjinge dat troch jo Steaten sels fêststeld is.

Mocht dat foar jo in ûnbegeanbere wei wêze, dan wol ik jo noch de neikommende suggestje meijaan (yn line mei it bestjoersakkoart: foarstellen wurde allinnich dan troch DS útfierd as se foarsjoen binne fan finansjele dekking): in lytse opslach op 'e rinte dy't it FSFE freget foar har reguliere finansieringen om dêrmei de kosten fan it rinteloaze diel dat jûn wurdt dekke te kinnen. Mar nochris: dat sil betsjutte dat de opdracht dy't jo jûn hawwe oan it FSFE foar in part op in oare wize ynhâld en foarm krije moatte sil.

Der binne noch in soad - in hiel soad - maatskiplik fêstgoedeigeners dy't wolle (c.q. moatte) ferduorsumje om dêrmei ek in sûne basis te lizzen foar harren eksploitaasje. Wy koesterje de mienskip en it ferieningslibben as wichtich fûnemint foar ús Fryske mienskip: litte wy harren dan ek dêrby in wichtige stipe yn de rêch meijaan.

Ik tankje jo foar jo oandacht.

Theo Andreae
Direkteur Stichting Doarpswurk

